



# HOULIKSFAKÂNSJE

Komeedzje yn fjouwer bedriuwen

fan

**ALLE GEART HOF**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HOULIKSFAKÂNSJE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ALLE GEART HOF** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2004 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bggt ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Hessel Flikkema - haad postkeamer, Postbank, 45 jier.

Anke Flikkema - syn frou, 45 jier.

Geart Dekker - boekhouder skjinmakersbedriuw, 45 jier

Klaske Dekker - syn frou, 45 jier.

Gabe - húsmaster fan de flat, 60 jier

Wop Hornstra - mem fan Anke, 70 jier

Djoke - typiste, 18 jier.

Kunne - typiste, 18 jier.

Lintsje - twillingsuster fan Lyntsje, 48 jier.

Lyntsje – twillingsuster, fan Lintsje, 48 jier.

## **TOANIEL:**

Hessel Flikkema en syn frou Anke wenje yn in flat dat útsjocht op in park.

De haaddoar nei de hal en de lift is lofts. In grut finster beslacht hast it hiele rjochter lewant. Under it finster stiet in briedstoel mei kessen der yn. De doar rjochts foar giet nei de oare fertrekken en der is noch in doar loftsfoar dy't nei de útfanhûzerskeamer giet. Yn it efterlewant is in nis mei in c.d. spiler en mei alderlei boeken en c.d's op in planke. Rjochtsefter stiet in taffeltsje mei drank, fierder stiet der in sofa skean op it toaniel mei dêr nêst in taffeltsje mei in tillefoan. Foar de sofa stiet in T.V. tastel. De elektryske skakelder foar de lytse lamkes oan it lewant is by de haaddoar. Earne moat eins noch in grutte tafel stean mei in pear stuollen en fierder mar oanklaaie nei eigen ynsjoch. Links en rjochts sjoen út de seal wei sjoen.

## EARSTE BEDRIUW

*Hessel leit en hinget heal en heal op'e sofa mei de brûksrym los. Hy sjocht nei it sjoernaal op de t.v. (opnimme) Syn frou Anke is oan't stofsûgjen of sokssawat, se docht de stofsûger út.*

Anke: Geart en Klaske sille nije wike nei de Costa del Sol. Hearlik yn de sinne lizze. Geart fertsjinnest ek grif gâns mear as dy. *(sjocht útdaagjend nei har man. Hessel seit neat werom, hy hat gjin each fan't tastel ôf. Anke rint op him ta en sjocht minachtsjend op him del)* Do hast temin beweging, jonkje. Drinkst op de saak ek fierstente folle kofje fansels!. Anst hast it oan't hert. Moatst minder ite en smoke en de lea brûke. Swimme fytse en einen rinne.

Hessel: Ergest dy oan my? It is wol slim net?

Anke: Ik sis it foar dyn eigen bêst en wêrom gunst mei netris in hearlike fakânsje yn Spanje? Altyd moai waar, gjin misse dei.

Hessel: Wa sil dat betelje? Soks kostet in slompe jild.

Anke: Do koest der skoan in pear hûndert euro yn'e moanne by fertsjinje. *(Hessel seit neat, hy is fol oandacht by de t.v. Anke is poer, se giet lyk foaroer him stean)* Do bist krekt in bern. Wat sei'k niiskrekt!? *(Hessel seit neat. Anke skreaut)* Geart en Klaske sille nei de Costa del Sol! *(Hessel kin neat op'e t.v. sjen en skoot Anke oan'e kant)* Fretsek! Ik kin wol spuie! *(stampfuottet)* Ik haw myn nocht fan dy! Fette fretsek! *(Hessel giet stadich oerein en docht mei in bûging de doar foar har iepen)*

Hessel: Asto dyn nocht fan my hast, meist gean. Kinst my net útstean, hin?

Anke: Somtiden, ja. Do makkest my fakentiden poer ast de hiele jûn foar de tillevyzje hingest. Dat is hielendal net goed foar dy. Soest in bytsje kwiker wêze. It is sa spitich...

Hessel: *(ynfallend)* ...dat ik gjin S.P.D. ha, dat is dyn ear tenei, mar ik bin no ienkear in noflik man Anke en as it dy net sint..., dan... *(wiest op de iepen doar. Anke swijt en Hessel nokkert, rint op de doar ta, docht him ticht en rint werom nei de sofa ta Wylst er syn broek ophiset stroffelt er)*

Anke: Dochst dy sear? Moatst net altyd mei de broek op'e slomp rinne, do wurdst...

Hessel: *(ynfallend)* ....te grau! Minder ite, mear bewege, ik wit it. *(Hessel Kladdert oerein en giet sitten)* It wurdt tiid foar it sjoernaal.

Anke: Soest raar sjen as ik dy yn'e steek liet. *(se giet efter him stean en massearret syn nekke)* Freegje de baas ris ast ien as oare kursus folgje meist, faaks kinst noch hegerop komme en fertsjinnest oer in

jier as wat folle mear.

Hessel: Do lult út'e nekke. Wy wurknimmers sitte op'e nulline, boppedat fertsjinje ik genôch as haad fan de postkeamer.

Anke: Wy hawwe it net min, mar as wy in keppeltsje bern hân hiene dy't studearje moasten, dan soe it gâns oars wêze. *(se byt him yn'e nekke)* Ik sil bier foar dy helje .

Hessel: *(ropt har efternei)* Gjinn pils! Dan moat ik der fannacht hyltiten ôf en dêr haw ik it mear oan!

Anke: Feike en Amanda hawwe in nije wein kocht, in grutte mercedes as ik it goed ha. In slide is't seit Amanda, do sitst yn dy auto as yn in loaie stoel.

Hessel: Wat moatte wy mei sa'n grutte wein? It is te gek foar twa minsken, al koe ik it betelje.

Anke: Mar wy kinne net in djoere auto betelje. Wat is't dochs in deugd dat wy gjin bern ha, want dan moasten wy deun by de kant lâns.

Hessel: Ja, dat witte wy no wol leave. Wy meie der yndied tankber foar wêze dat ús houlik sûnder frucht bleaun is, sizze de dûmnys en pastoars, is't net sa?

Anke: It leit him net oan my, ik haw my yndertiid ûndersykje litten.

Hessel: Ik ek! En hâldt dy no mar stil, ik wol nei't nijs sjen.

Anke: Do silst dyn sin ha. Do sitst ommers altyd en ivich nei de tillevyzje te sjen. Do sitst mar te sitten.

Hessel: Moatst ris sjen..! Yn Tsjetsjenië wurdt wer fochten en yn Rwanda stjerre se as mûzen fan de hunger. Se moatte dat folkje de pil jaan. As dy minsken ris wat minder bern oansette, soe der ek minder hunger wêze.

Anke: Do bist réaksjonêr. Hast wier in hekel oan bern?

Hessel: Och, ik haw in hekel oan drokte, dat witst wol. *(it sjoernaal hat west, it programma is ôfrûn)* Sa, dat wie dat... *(Anke knipt it tastel út en bringt de kofjeboel nei de keuken. At se weromkomt sit Hessel noch nei it tastel te stoareagjen)*

Anke: Wy moatte op bêd, it is moarn om goed sân oere wer dei.

Hessel: Hast gelyk. *(Hessel bliuwt sitten)* Wat soest no echt graach wolle, Anke?

Anke: Wat ik graach wol?

Hessel: *(giet stinnendewei oerein)* Soest bygelyks in lange reis meitsje wolle?

Anke: Nei de Costa del Sol? Mar do hast ommers gjin frije dagen mear? Heechút trije as fjouwer. Soesto ek....?

Hessel: Wy hawwe it net oer myn persoantsje.

Anke: Ik soe graach mei Geart en Klaske nei Spanje wolle. It hat dizze winter net botte kâld west, mar wy hawwe de sinne hast net sjoen.

Sille wy nei de Costa del Sol as nei Mallorca?

Hessel: Ikke net. As ik in oere mei de bleate hûd yn de hite sinne lis, wurd ik sa read as in kraal en krij pineholle. Do meist wol gean. Wy hawwe noch trijetûzen euro op'e bank stean. dêr kinst wol trije wike fan nei Spanje. Hellest moarn de sinten mar op.

Anke: Bliuwsto dan thús? Allinnich is der neat oan.

Hessel: Ik wol net mei. Gean do mar, do krijst dêr wol kunde. Sjochst der noch goed út foar dyn jierren. Wa wit dochst dêr noch in smoarrike baron op, as in don... Bist tagelyk fan dyn kloatige man ôf. *(nokkert)*

Anke: Do moatst dy neisjen litte. Wolst my kwyt? Do bist my leaver kwyt as ryk!

Hessel: Do kinst my wol spuie, dat hast niiskrektsa sels sein.

Anke: Dat wie mar in grapke. Wa lit syn frou no allinnich nei Spanje gean? Wolst my narje, sis it dan.

Hessel: Der is net folle foar nedich om dy op'e kast te krijen. Ik sil dan traach en loai wurden wêze, mar do bist ek feroare. Do hast it altyd oer minsken dy't it better ha as wy, dy't moaiere húzen en gruttere auto's ha en dy wit ik net wêr hinne gean mei fakânsje. It hinget my sa stadichoan de kiel út!

Anke: Oh, is't al safier?! Sil ik dy ris wat sizze jonge! Ik strûp op bêd en ik wol dy net mear nêst my ha te stjonken, nim do it útfanhûzersbêd mar! Nacht! *(rjochts foar ôf)*

Hessel: *(har efternei, by de doar, ropt)* Anke, doch net sa healwiis! It is in skop fan in ezel, wier!! Wát..?! *(harket)* Gjin sjoege, hawar, sels mar witte. *(rint op de t.v. ta en knipt him wer oan)* Dit wurdt in nuvere nacht Hessel jonge! Aansen mar mei in krûpbistke op bêd... Bêd? Net op bêd, wat sille wy no ha? Ik helje my noch wat tsiis op. *(rjochts ôf .It toaniel is eefkes leech, dan hearre wy de doarskille links, Hessel komt rjochts op mei in skealtsje mei tsiis en in flesse beerenburch ûnder de earm .Hy rint troch nei links en giet troch de haaddoar ôf en komt daliks pratendewei werom mei Geart. Hessel hat no de beerenburchflesse yn de iene en yn de oare hân hat er de skeal mei tsiis)*

Geart: Ik tocht, mar efkes mei Hessel prate.

Hessel: O sa bêst, mar hoe koe Klaske no lulk op bêd gean? Sietst fansels wer mei de loaie kont foar de tillevyzje!

Geart: Krektoarsom. Do witst wol, Klaske is in húshin en ik woe noch eefkes te stappen, dat fûl ferkeard, dat sadwaande.

Hessel: Al wer? *(oerlanget him de flesse beerenburch en it skealtsje mei tsiis)* Hjir, hâldt ris beet. *(rint nei't buffet as bar ta om romers)* Do bist ek net faak thús...

Geart: Dat thús omhingjen leit my net sa, ik moat sa no en ta eefkes in

frisse noas helje.

Hessel: (*wipt mei in romer*) Fan dittem tink?

Geart: Ja, stil mar. Wêr moat ik mei dizze brol hinne?

Hessel: Hoho, do wolst dizze echte leardammer dochs gjin brol neame wol? (*doelt op de tsiis. Nimt him it skealtsje út' e hân en set it op in bysettaffeltsje*) Ik wol dy neat oppresse, hear! (*giet der loai by sitten en nimt dalik mar twa stikjes tsiis. Geart skinkt de romers fol*)

Geart: Do ek in slokje, Hessel?

Hessel: As ik dy net ûntgrief...! (*Geart rikt him de folle romer oer*) Dochts moai datst oan my tinkst. Proast!

Geart: Proast! (*giet der ek by sitten*) No, dat wurdt it útfanhûzersbêd fannacht.

Hessel: Do ek al? Hahaha, de wacht is my ek oansein! Op dat mêd hawwe ús froulju in soad fan inoar. Witsto wol dat Anke graach mei jim mei wol nei de Costa del Sol?

Geart: Ja? Do wolst my dochs net opskepe mei twa froulju wol?

Hessel: Dêr kinsto dy altyd skoan mei rêde.

Geart: Wêrmei?

Hessel: Mei froulju fansels! Do seist altyd, kinst de hiele wrâld net om ien haatsje.

Geart: Nee, fansels net! Mar se kinne bytiden ek ferdomd lestich wêze. Altyd dat beskoalmasterjen...Sil ik dy ris wat sizze? Ik soe wolris allinnich op fakânsje wolle.

Hessel: No, gesellich hear! Dan bliuw ik wol sa leaf thús

Geart: Tink ris ta Hessel jonge, hielendal gjin mot om'e teannen, sa frij as in fûgeltsje yn'e loft!

Hessel: En ik myn wiet en droech misse tink! (*nimt wer in stikje tsiis*)

Geart: Nee,nee, wy sille yn pinsjon.

Hessel: Wy..., ik miende datst allinnich woest.

Geart: Hoe komst dêr by..? (*skinkt de romers wer fol*) Dat soe ûngesellich wêze. Nee, ik wol in maat mei ha..., dy!

Hessel: Ik winskje dy in protte wille ta ...Proast! (*drinkt wer*)

Geart: Do mienst dat ik mar wat sit te swetsen, hen?

Hessel: Wat soest ek noch klearmeitsje..Klaske lit dy dochs net gean...en Anke soe ek raar guod opjaan en boppedat, wat kostet soks wol net?

Geart: Och, do altyd oer dat rottige jild...Sit dêr no mar net oer yn, ik betelje it sliepplak en it iten wol, mar de drank silst sels betelje moatte. Do hast him al wer leech sjoch ik wol. (*skinkt wer yn*)

Hessel: Wêr praatst oer, jim gean ommers nei de Costa del Sol?

Geart: Wat bisto traach, do koest wol staf wurde.

Hessel: Hoesa?

Geart: Do bist krekt tsjokke sjerp, begrypst my net?

Hessel: No, nee, ik haw gjin aan. (*drinkt wer. Anke hat stikum de doar rjochts iepen dien en stiet op'e hark, Hessel en Geart hawwe neat yn'e gaten*)

Geart: No moatst goed harkje...Dyn Anke giet mei Klaske nei de Costa del Sol en do..

Hessel: Giest mei my....nei...

Geart: Ja,ja, sis it mar.., sis it mar, neam mar in sydstrjitte....

Hessel: Amelân! (*Anke stiet noch steesoan op'e hark*)

Geart: Amelân..? Hoe komsto op Amelân?

Hessel: (*nokkert en skinkt himsels yn*) Dêr haw ik myn earste leafdeslessen hân. Wedzje dat ik dy it plakje sa oanwize kin? Ja, Amelân soe'k noch wolris wer sjen wolle.

Geart: (*mei de mûle wiid iepen*) Hat Anke dy dêr...eh....

Hessel: Nee, net Anke..., in oarenien, in losfêste om sa marris te sizzen. Begrypst wol?

Geart: Ik haw gjin aan..., alhoewol..Do praatst út dyn frijfeintetiid, fansels!

Hessel: (*komt op dreef*) Do koest no sels wol tsjokke sjerp hân ha.. Ik haw it no oer ús skoalfakânsje fan de M.A.F.U.

Geart: Dat is in skoft lyn..!

Hessel: Mar ik wit it noch as de dei fan juster.Do wiest mei Gryt fan de bakker.

Geart: En do mei dat steile fanke (*of at se lyts is dat dropke*) fan de smid, dy't al twa kear sitten bleaun wie. Hjit se net Teatske?

Hessel: Do hoechst net sa oergeunstich te dwaan, it wie best wol in aardich fanke, hear.

Geart: Ja, dat wol ik wol leauwe nei watst mei har úthelle hast.Do hast my der noait oer ferteld.

Hessel: Wy hawwe ús doe oan elkoar fersein en dan meist net mear út'e skoalle klappe, sis no sels!

Geart: Mar do hast har net krige.

Hessel: Wat bisto dom..! It wie ommers net folle mear as heit en memke boatsjen sokses!

Geart: Jawol.., mar sokke dingen moatst wol serieuus te nimmen, hear Hessel! En mei gefoelens fan sokke jeuchlike bern hearst hoeden om te gean. (*skinkt himsels noch marris gnyskjend yn*)

Hessel: Dat moatsto nedich sizze, grutte huchelder! Hawar, ik sil't yn't ûnthâld hâlde as wy op it Amelân binne. (*der wurdt oan de doar skille*) Do meist twa kear riede wa't dêr foar de doar stiet.

Geart: Klaske!

Hessel: Jawis! Wa soe oars sa let noch oanskilje, wedzje dat sy it is?

Geart: Ferhip, net sa moai, wy hawwe noch net beprate kind wat wy tsjin ús froulju sizze sille.

Hessel: Telet, no kinst de hiele boel wol ferjitte.

Anke: *(Anke komt no fierder de keamer yn. Se is yn nigré nachtklean dat der op ôf is. Mei slûge stimme)* Der stiet immen by de doar, wêrom dochst net iepen? Oh, bisto dêr noch, Geart?

Geart: Ja, dit stiet der nuver foar, Anke .!

Anke: *(kjel)* Wat no, der is dochs neat mei Klaske wol?

Geart: *(praat hastich)* Nimmen mei't noch witte, mar ús skjinmakers-bedriuw stiet hast op springen en no sit ik der sa raar ta, Anke ..Do witst hoe't Klaske is, o sa senuweftich. As ik it har fertel, rekket se yn panyk en se sit altyd al sa oer my yn...en...

Anke: *(ynfallend)* Gjûn wûnder sa'n pierewaaier, mar gean fierder. *(der wurdt wer skille)* Hessel soest no einlings en te'n lêsten netris nei dy doar gean? (se lûkt in fest oan)

Hessel: Ja Anke... *(mar hy bliuwt benijd sitten)*

Geart: No't it der sa raar foarstiet, kin ik as boekhâlder perfoarst net mist wurde.

Anke: Och hearken, dan kinne jim dat reiske nei de Costa del Sol ek wol op it liif skriuwe.

Geart: Tsja, tsja, mar dat begruttet my sa om Klaske..! Se hat der sa nei útsjoen, dat earme fanke!

Anke: *(huchelt ek)* Earm bern!

Hessel: *(komt oerein, nei de doar lofts)* Dit is dyn kâns, Anke! Do woest ommers sa graach nei Spanje...

Geart: Wat..? Oh ja..! Tsjonge, dat soe in soad oplosse. Dan kin Klaske moai mei har alderbêste freondinne nei de Costa. Ik bin der wis fan dat jim dêr in moaie tiid temjitte gean tegearre.

Anke: Jo, horis, dit giet al wat hastich net? En wat binne jim dan fan doel tegearre?

Geart: Ik kin perfoarst net mist wurde op myn bedriuw op dit stuit. Mar hoe fertelle wy dit Klaske, hen?

Hessel: Ja, hoe fertelle wy it Klaske..! *(links ôf)*

Anke: Tsja, hoe moat it no fierder, hen..?

Geart: Do kinst it gerêst oannimme..., ik pas wol op Hessel.

Anke: Dat is no krekt it punt.., ik fertrou dy foar gjin stoer!

Geart: Moai hear, bied ik dy in pracht fan in reis oan en dan krije je dit!

Anke: Klaske is net om'e nocht altyd sa senuweftich .

Geart: Tankberens is mar alles.

Anke: No ja, ik fyn it wol moai datst om my tinkst, mar....

Geart: Oh, dochs noch wat tagedinens, al is't mar in kromke..It hâldt net oer moat ik sizze.

Anke: No, hjir dan, in tút. Mar dan moatst ek ophâlde fan sangerjen. *(se wol him in tút jaan op ôfstân, mar Geart lûkt har nei him ta en tsjin him oan. Op datselde stuit komt Klaske op mei Hessel efter har oan. Se sjocht noch krekt dat Anke har losskuort)*

Klaske: Oôh Geart, wat bisto dochs in stjonkerd, slikkert er op myn freondinne om. Der binne ek net folle froulju feilich foar dy!

Anke: Neenee, Klas, it is net itjinge datst tinkst dat it is.

Klaske: Oh nee? Sis my dan mar wat it al is!

Anke: Ja..eh..no, ik woe Geart earne foar tank sizze en doe krûpte er my eefkes oan, dat moat dochs kinne?

Klaske: Foar dy wol, mar foar him net. It komt sterk by him op, it triuwt him de tearen út'e broek en dat is o sa lestich.

Geart: No, no, no, sa kin't wol ta net?

Klaske: Nee jonge, ik ken dy fan hjouwer ta grôt, fertel my wat.! Mar sis ris, wat grut geheim hiene jim?

Geart: Grut geheim? Hielendal gjin geheim .Ik hie it wier moarn wol mei dy bepraat, mar no'st hjir dochs bist kinne wy it ek like goed daliks dwaan, fansels.

Klaske: Krekt, dat hie'k ek al tocht.

Hessel: *(wie sels al wer loai mei syn buorrel op'e bank lizzen gien)* Kofje minsken?

Geart: Slaan wy net ôf wol, Klas?

Klaske: Faaks praat it wat nofliker ûnder in bakje.

Hessel: No,do hearst it Anke, se wolle kofje ha.

Anke: Der mankearret dy neat oan de hannen, wol?

Hessel: *(komt stinnedewei oarein)* Wy kinne likegoed in Beerenburgje nimme.

Geart: Lit my it mar eefkes dwaan, bliuw do mar sitten. De dames in healenien?

Klaske: Ik mei wol in heulenien.

Anke: Ik ek wol. *(hellet glêzen út'e kast as fan de bar)*

Klaske: Under in buorrel praat it noch wól sa swiet, wat do Geart?

Geart: Jawis Klas, dat bin ik folslein mei dy iens.

Klaske: No jonge, stek dan mar fan wâl, ik bin o sa benijd.

Geart: No dan....Ik haw Anke frege om mei dy op fakânsje te gean nei de Costa del Sol.

Klaske: *(it is eefkes stil)* Hasto Anke...? En do dan?

Geart: Hessel en ik bliuwe hiel froed thús.

Klaske: Net dat ik net mei Anke op fakânsje wol..., mar nochris..., wêrom moatsto sa nedich thús bliuwe?

Geart: *(skoot har de krante ta dy't er út'e bûse helle hat)* Sjoch! Lês! Yn dizze krante skriuwe se dat der by spanningen en ferfrjemding yn it

houlik mar ien oplossing is; in skoftsje by elkoar wei gean, neat hearre litte fan elkoar en dan wer bijinoar komme, want dan moat bliken dwaan at it holpen hat.

Klaske: Wat nuver!

Geart: Mooglik.., mar ik hechtsje dochs wol wearde oan dat artikel. Pas nei in skieding sjochst faaks de wearde fan de oare, pas oan it grêf komt it dy yn't begryp hoefolle ast ferkeard dien hast.

Klaske: Harrejakkes, wat wurdsto ynienen serieus! Safier sille wy it mar net komme litte wol? (*skoot de krante fan har ôf as wie se der allergysk foar*)

Geart: Yn alle gefallen is my dat artikel wolkom, lê's it asjebleaf, der sit folle wiers yn!

Klaske: Do koest dyn nocht wol fan my ha.

Geart: As dat sa wie, soe'k dy dit foarstel net dwaan. Ik wol graach dat ús houlik in nije ympuls kriget en op dizze wize soe it bêst ris slagje kinne.

Anke: In man trije wike allinnich litte is gefaarlik.

Geart: Och hearken Anke fanke, do moatst de froulju ek net ûnderskatte hear!

Klaske: Goed, do silst dyn sin ha.

Geart: Trije wike út elkoar..? Do stietst der foar?

Klaske: Teminsten.., as Anke der ek foar stiet, fansels.

Anke: Ik soe't harstikke graach wolle fansels en ik krij der aloan mear sin oan, mar hoe komt it dan mei Hessel, dy kin him út noch yn net rêde.

Geart: Sit dêr mar net oer yn. Ik klaai him wol oan...bring him jûns op bêd... en syn wiet en droech kriget er ek op tiid, dêr soargje ik wol foar.

Hessel: Sis, bist no hielendal, ik bin gjin lyts bern mear!

Anke: Dat skeelt net safolle.

Geart: Do hast net sa'n goede pers, hear ik wol.

Anke: Is dat sa'n wûnder? Hy stjonkt fan loaiens!

Hessel: Begjinst no wer? Ik soe sizzen, gean mar moai gesellich tegearre nei de Costa, faaks komst lottere werom.

Anke: Neffens my wolst my slite.

Hessel: Ja, ast no net ophâldst fan sangerjen gean ik aansen mei Klaske op fakânsje.

Anke: Ja, no, dêr hast it no wer, mânlju kinst net fierder fertrouwe ast se sjochst!

Klaske: Eins is't net ferantwurde wat wy dogge, Anke. Wy kinne se net allinnich litte, fanke.

Hessel: Wat witte wy der no fan wat jim dêr aansen útfrette. Mar och, ik

bin in romhertich mins en ik gun jim wier wol in fersetsje.  
Anke: Ik wol sa'n Spaanske flamingo dûnser!  
Klaske: En ik sa'n toreador.  
Hessel: Jim binne net sa botte beskieden.  
Geart: Wy meie harren wol in keinensgurdle oanlizze Hessel jonge!  
Anke: Passe jim mar op jimsels, noch ien wurd dêroer en wy meitsje fan jim in eunich!  
Klaske: Dan kinne wy teminsten mei in rêstich gefoel ôfreizgje.  
Geart: Ien ding is wis, it giet de goede kant út mei ús froulju, se wurde al aardich selsstannich.  
Klaske: Do komst der net mei grapkes, jonge. Nije wike reizgje wy al ôf, hast myn pas al ynoarder?  
Anke: Hy hat wol wat oars oan de holle, wat do Geart?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**